provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.nl
provincie@fryslan.nl
www.twitter.com/provfryslan

provinsje fryslân

Feriening Frysk Underwiis
O.f. Th. Dijkstra, foarsitter
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ljouwert, 14 septimber 2017
Ferstjoerd, 14 SEP. 2017

Ús merkteken : 01447240
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch : S. de Jong / (058) 292 56 10 of sytske.dejong@fryslan.frl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : projektwike Frysk op it Marne College

Achte hear Dijkstra,

Yn jo brief fan 4 july 2017, by ús binnenkaam op 12 july en ynboekt ûnder dokumintnûmer 01435873, sprekke jo jo soargen út oer de projektwike Frysk op it Marne College yn Boalsert. It Marne College hat besletten it Frysk net mear as regulier fak op it roaster te setten, mar yn it foarjier in projektwike te organisearjen mei oandacht foar de Fryske taal en kultuer. De provinsje hat foar it skoaljier 2015/2016 ûnder betingsten tastimming jûn de projektwike te organisearjen as in pilot dy't dêrnei evaluearre wurde soe. It Marne College hat in evaluaasjeferslach tastjoerd; dat is lykwols net iepenbier. Net allinne freegje jo jo ôf oft de kearndoelen mei in projektwike wol helle wurde, oft oan de betingsten dy't de provinsje steld hat foldien is en oft mear learlingen foar it Frysk keazen ha, mar ek wize jo op de presedintwurking dy't útgiet fan sa'n projektwike. Dy presedintwurking liket der yndie te wêzen omdat mear skoallen foar fuortset ûnderwiis oerwaagje de projektwike Frysk yn te fieren of dat al dien ha. Ek it Marne College hat foar it skoaljier 2016/2017 wer in projektwike Frysk organisearre. It Marne College hie by it organisearjen fan de projektwike gjin parsjele ûntheffing foar it fak Frysk en moast dus foldwaan oan alle kearndoelen foar it Frysk.

Jo stelle fiif fragen dêr't jo graach antwurd op hawwe wolle soenen. Dy fragen stean hjirûnder yn it koart werjûn:

1. Hat in gruttere groep learlingen Frysk as karfak keazen?

Ut it evaluaasjeferslach docht bliken dat it oantal learlingen dat it Frysk as karfak kiest, gelyk bleaun is. Rûchwei ientredde fan de earstejiers kiest foar it Frysk nei de earste klasse.

2. Wurdt de projektwike werhelle?

Ús merkteken: 01447240

provinsje fryslân
provincie fryslân

De projektwike is al werhelle yn it ôfrûne skoaljier. De skoalle is tefreden oer de nije oanpak omdat sawol dosinten as learlingen de ferskillende en aktivearjende wurkfoarmen wurdearje. Learlingen fûnen it moai om aktiviteiten bûten de skoalle te dwaan mei learlingen út oare klassen. Dosinten jouwe oan dat by net-Frysktalige learlingen it begryp foar de Fryske taal en kultuer grutter wurden is.

3. Binne de kearndoelen Frysk helle?

Dy binne net helle. Dat is foar de provinsje in punt fan grutte soarch.

4. Jouwe de útspraken fan learlingen yn it ferslach fan it Friesch Dagblad (3 juny 2016) in goed byld fan de projektwike?

Dosinten jouwe oan dat learlingen tige motivearre wienen foar de opdrachten yn de projektwike, de karmooglikheden wurdearren, it gearwurkjen mei oare learlingen plezierich fûnen en in soad opstutsen ha oer de Fryske taal en kultuer. Sjoch ek: it antwurd by fraach 2.

5. Hoe is omgien mei differinsjaasje foar Frysk- en net-Frysktalige learlingen?

De skoalle jout oan dat der op it mêd fan differinsjaasje ferbetteringen mooglik binne. Dêr sil yn it ferfolch mear oandacht foar wêze.

De provinsje sjocht de projektwike as in moai ynstrumint om de Fryske taal en kultuer op in kreative en oantreklike wize oan learlingen te presintearjen. Benammen op it mêd fan attitude, ek by net-Frysktalige learlingen, liket de projektwike in positive bydrage te leverjen. Grut beswier is dat de kearndoelen foar it Frysk mei in projektwike allinne net helle wurde. It learen fan in taal of dêryn taalfeardigens krije, kin net yn in wike oanleard wurde. Yn dy sin kin in projektwike net in ferfanging wêze foar de reguliere lesoeren Frysk. De deputearre hat ein desimber oerlis mei de haadynspekteur en dêr sil dit punt oan 'e oarder steld wurde.

Mochten jo noch fragen hawwe, dan kinne jo kontakt opnimme mei mefrou S. de Jong, telefoannûmer 058-2925610.

Ik gean der fan út jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,

mevr. E.M. Nobel
opjeftemanager Frysk kapitaal

provinsie fryslân

Ús merkteken: 01447240